

# SJOERNALIST BY OMROP FRYSLÂN

(32 oeren wyks)

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje.  
Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him of har mei Fryslân ferbûn fielt.

## Bisto de kollega dy't wy sykje?

As sjoernalist bist op de hichte fan de feiten en achtergrûnen oangeande aktuele en maatskiplike ûntwikkelingen yn en oangeande Fryslân. Do bist nijsgjirrich en komst mei eigen kreative ideeën foar ferhalen, makkest de ferhalen selsstannich en beoardielest op eigen profesjonele wize, feiten op krektens en folsleinens. Do bist wend om foar ferskate platfoarms te wurkjen: online, radio en tv. Dêrneist fynst it net slim om yn wikseljende tsjinsten te wurkjen, ek yn 't wykein.

## Wat hasto yn hûs?

- Do beskikst oer in sjoernalistieke hbû-oplieding of hast relevante wurkûnderfining.
- Dyn algemiene ûntwikkeling is breed.
- Do hast goede kontaktuele eigenskippen.
- Do praatst Frysk, atst it ek noch skriuwe kinst, is dat noch moaier.

## Beskist oer de ûndersteande feardichheden?

- Do bist **selsstannich** en **ûnôfhinklik**.
- Do fielt dy **ferantwurdlik** oer dyn wurksumheden.
- Do hast in fermogen om te **learen**.
- Do kinst goed **gearwurkje** mei oaren.

## Wat krijsto fan ús?

- Do bist wurksum yn in útdaagjende wurkomjouwing mei in noflike wurksfear.
- Do krijst in oanstelling foar 32 oeren wyks foar in jier, mei dêrnei in opsje foar in fêste oanstelling.
- Dyn lean falt yn leanskaal F (minimaal €2.375,21 en maksimaal €3.493,45) of yn leanskaal G (minimaal €2.731,34 en maksimaal €4.166,81) ôfhinklik fan dyn ûnderfining.
- Folop romte foar ûntwikkeling fan dysels mei in eigen opliedingsbudzjet.
- Genôch romte om mei te tinken en eigen ideeën yn te bringen.

Wurdsto ús nije kollega? Wachtsje net langer en sollisitearje foar 29 novimber 2021 op dizze fakatuere. Hasto fragen, nim dan kontakt op mei Ingrid Spijkers, haadredakteur, op [ingrid.spijkers@omropfryslan.nl](mailto:ingrid.spijkers@omropfryslan.nl).  
Stjoer dyn motivaasje (yn hokker foarm dan ek) nei Fokelina de Boer, haad P&O, op [P&O@omropfryslan.nl](mailto:P&O@omropfryslan.nl).

**Wolsto as freelancer oan it wurk? Dat kin ek!  
Wy binne ek op syk nei freelance sjoernalisten.**